

Pake

In ferhaal oer skippers fan Koudum, út: Sipke Feenstra, *Koudum yn myn bernejierren* (Boalsert 1969), útwurke troch Jelle R. de Jong. Fan him bin ek de annotaasjes tusken rjochte heakken.

Wa 't myn pake wie? Hawwe jimme him net kennen? Spitich, O sa spitich. Want der binne minsken fan wa't it in grut nocht west hat dat men har kennen hat en fan dy inkelde minsken is pake ien. Hoe't hij hiet? Sipke Jarings Zeldenthuis, mar hij waard nea oars neamd as Sipke Jarings, Sa en sa ek allinne koe elk him. Hij wie noch al flink fan postuer en hie in fleurich gesicht. Syn dracht bestie it in ingels learen broek, in swart boesgroentsje, hast in bytsje grienich en in pear fan lear frissele galgen en winterdei, as it tige kâld wie, in duffelske jas, mar dy kaam daliks net oan. Nee, as pake de jas oan hie, oars as wannear hij nei tsjerke gyng, no dan koe men der op oan dan wie it wol foargoed kâld. As hij op 'e wâl stie te praten bij syn maten, hij wie nammentlik skipper, haw ik him nea oars stean sjoen as mei de hannen by de galgen yn en de piip mei it sloppe montstik yn 'e mûle.

Hij wie turfskipper en befarre mei beppe it skip 'De vier gezusters'. Beppe hjitte Ittje Schotanus. Hja wie fan rjochters myn beppe net. Myn beppe, ús mem har mem en pake syn earste frou, hjitte Ieke Gerlofs Walstra, mar ús mem hat har, sa goed ik wit, net iens kennen. Hoefolle skippen pake hân hat wit ik net. Ik ha twa kennen, mar der hawwe mear west. Yn 'e Ljouwerter Krante fan 5 augustus 1850 kaam alteast dizze advertinsje foar.

Uit de hand te koop een gewegerd Kofscheepje, genaamd de Drijfhout, in eigendom behoorende en bevaren geweest door Sipke Zeldenthuis, schipper te Koudum, lang over steven 9 el 90 duim, wijd 1 el 81 duim, hol 87 duim, groot 10 Ton. Dadelijk te aanvaarden. Het vaartuig is liggende te Koudum en zijn informatiën te bekomen bij den eigenaar, bij Watse de Jong, timmerman te Koudum en bij Douwe S. Reitsma, boer in het Heidenschap.

Mar it gyng oer pake. Dat turfskippers wêzen wie doe in hiel bestean, want oare brânje as turf koene de minsken doe sa goed as net krije. De turfskippers, de goeie teminsten, hoegden dan ek net mei harren waar te suteljen, nee, hja seinen bygelyks tsjin de klanten: as it past dan kom ik de oare fracht bij jimme, is it goed? No, en dan wie it ôfpraat. En ja, dan wie it ôfpraat en as pake dan mei dy fracht oankaam, dan krigen de minsken dêr't mei ôfpraat wie, it part dat hja besteld hiene. Mar sa gyng it dan ek allinne bij dy skippers wêr't men fan wist dat hja earste soarte turf leveren. Oft der dan ek oaren wiene? Jawis al.

Om't der ek minsken wiene, dy't it better paste om in dûbeltsje as in kwartsje út te jaan, wienen der fansels ek skippers dy't sokke minsken as klant hiene. Dy skippers hiene it net it maklikst, want dan gie it net bij it weinfol, mar dan wiene de leverânsjes faak mar lyts, foar in kwartsje of foar in dûbeltsje, ja ek wol foar in stoer turf waard der wol helle of as it slim siet mei sykte of sa yn 'e kroade thúsbrocht en dan siet it mei de sinten faak ek noch wol swier.

It wie âlde Popke Bearnts [Steigenga] wêr't men doe mei in bytsje sinten it bêste klear komme koe en foar't ik no mei it ferhaal oer pake fierder gean, wol ik earst it ien en oar oer him fertelle. Hy en syn âld wyfke Tryntsje, befarren in foech snikkeskipke, dat sawat mei pompen driuwende hâlden wurde moast. In pear goede âlde minsken; wat ha ik beide goed kennen en wat hawwe hja in swiere striid hân om der sa'n bytsje sûnder ûngelokken te kommen. Mar Popke wie in biisfeint en hy rêde him der lang út. Sa gyng it ferhaal dat hij ris mei Reinder [Pan] de koster yn 'e grutte tsjerke kwânsele hie. Hy winkelwaren fan Reinder en dy turf fan him.

Om't der doe yn tsjerke noch gjin ferwaarming wie lyk as no, krigen de measte froulju dan winterdei fan 'e koster in waarme stove, Dat gyng ek altyd tige, mar doe op in moarn wie it spul yn 'e war. It gyng

op in hoastjen en in kocheljen en it waard mar alhiel in ûnrêstich gedoch, ek al mei om't der alris ien útrûn dy't it mar amper mear goed meitsje koe. Der wiene minsken, dy't efteryn sitten hiene, dy't letter seine dat hja dominy mar amper mear seagen, sa dizich waard it. En dat kaam no allinne om't Reinder fan Popke syn turf yn 'e stoven hie dy moarns. Reinder hat him der omraak de jas oer útfage, mar de âlde sei: Nee Reinder, sâlt is dy turf net jonge, miskien in lyts bytsje hertlik, mar sâlt? Ei jonge nee. En dat hja dominy hast net mear seagen? Ja, der binne in soad minsken tsjintwurdich, dy't o sa'n min gesicht krije, der moast nedich ris yn fersjoen wurde. En dêr rûn it mei ôf.

Myn frou 's heit, Ruurd Sjouwes [de Boer], of grutte Ruurd, sa't hij ek wol neamd waard, hat ek ris in gefal mei âlde Popke hân. Dat wol ik noch efkes fertelle. Ruurd hie by syn baantsje as oproppeur en taksateur noch al ferskate bybaantsjes. Ien dêrfan wie slachter. No net dat hy nei de merk gie om kije te keapjen, mar as it barde dat in boer in bist hie mei in stikkene poat bygelyks of mei in oar gebrek, dan wie it al gau: doch Ruurd Sjouwes mar efkes boadskip. De boeren wisten wol, dan wie it betroude en de minsken doarden dan ek altyd gerêst fan dat fleis te keapjen. Ruurd hie, as slachter, lykas al syn funksjes, in fertroude namme.

Bij in gelegenheid dat hij ris wer in bist hingjen hie, kaam âlde Popke ek it paad delsetten. Dat like faai, want Popke en sinten dat rûn ornaris net mei-inoar op. Jonge Ruurd, sa sette de âlde fan wâl, wat hawwe jo dêr al in skoander bist hingjen. Dêr moast ik oars al in pûn as tsien fan mei hawwe. Moarn is it doel geane wij wer om in fracht út en dan hie Tryntsje wat yn it pantsje. Sa gau 't wy dan wêr mei de fracht foar de wâl binne, bring ik der turf oan. Hoe soe dit lykje, tinkt jo?

Ruurd sei: tige skoan Popke, dit moat altyd oangean, en Popke rekke mei tsien pûn fleis yn 'e bûsdoek nei board. Hij hie alris in fracht turf helle en noch alris ien, mar ho mar, dat hij Ruurd turf brocht. As hja mekoar ris yn 'e buorren tsjinkamen, sei de âlde: hea ja, stom, no ha ik jo noch nea turf brocht Ruurd, no yn nije wike of de oare fracht, dan komt it yn oarder hear. Ja Popke, sei Ruurd dan, wol ja man, dat komt wol goed. Sok wurk moat syn tiid hawwe, dat is sa ien-twa-trije mar net dien. Hij hie der al swak moed mei ea in sint foar dat fleis te sjen en de frou har mem hie der ek net in soad foar op 'e rekken, mar hij hie al in soad wille oan de manier wêrop Popke it altyd op 'e nij wer foarinoar seach te praten.

Mar it gyng de âlde sels, sa't it like, dochs slim genôch. Faker as ienkear wie it al bard, dat hij as hij Ruurd kommen seach weromkearde of de steech fan Ype ferwer of fan dokter Visser of fan Kristiaan Draeijer of wat steech dan ek, mar ynglûpte, mei of sûnder syn kroade. Hjir begûn Ruurd in hekel oan te krijen. Dat der minsken wiene dy't foar him wei krûpten, dêr koe hij net oer. Dat kaam net mei syn hertlik en rûn aard oerien. Nee, dit woe hij sa net hâlde. Doe barde it dat hij de buorren yn wie en dêr krekt op 'e hoek bij Willem Kûper kaam Popke fan 'e oare kant en koe nearne hinne. Mar de âlde wie gau wer himsels. Ja stom Ruurd, no ha ik noch nea dy turf brocht, mar no sil it fan 'e middei dan ek daliks wêze, dat is mij sa yn 'e wei, mear as ik sizze kin.

Ruurd sei: No binne jo dochs frijwat yn 'e war, net Popke? Hoe sa woene jo sizze? Wolno man, dy turf hawwe jo ommers al hiel lang lyn brocht. Is it dochs sa Ruurd? Wolle jo wol leauwe dat ik dêr no neat mear fan wit? Dat men sa ferjitlik wurde kin, men soe sizze. Doe't Ruurd thús kaam, sei hy tsjin de frou har mem: Ik ha ek mei âlde Popke ôfrekkene. Kom, sei de frou, hat er dy dan einlik ris betelle? No dat no just net, en mei die hij it ferhaal. Do likest wol gek, sei hja, no krigest it fansels nea. Nee, sei Ruurd, mar no kin dy man mij mar gerêst tsjinkomme, dat út 'e wei krûpen wie mar lestich foar him.

Ruurd en Popke wiene letter de bêste freonen. Sjoch, sa wie Ruurd Sjouwes en sa wie Popke Bearnts. Yn dy tiden wie der ek noch al gauris immen mei turf foar de wâl, hij wie net in Koudumer en hy farde mei syn trije jonges, wêrfan ien 'Tiris' hjitte, mei in lyts sikje. Hoe't hij hjitte wit ik net krekt, hij waard nea oars neamd as 'de sûpedrinker'. As dat no wie om't hij in soad fan dat guod op koe, dat wit ik net.

Och, hij wie in frjemdling en sokken hiene doe, it is sa'n santich jier lyn, yn Koudum noch al gau in bijnamme, der wie men doe tige reaal mei en dan frâl as it immen oangyng dy't wat fan it gewoane ôfwykte en sa wie it mei 'de sûpedrinker' wol wat. Hij en syn trije jonges seagen der ornaris o sa goar en smoarch út en ik wol net leauwe dat de oare skippers folle gedoente mei harren hiene.

It gyng dêr oan board altyd hiel rûch om en ta. Ik wit noch dat myn kameraat Jan [Westhof] en ik der ris by wienen, dat Tiris, dy't oan it hoepjen wie, oan board roppen waard om't syn heit de hoepstok brûke moast te potstro rieren. No, dat gyng koart om 'e hoeke. Efkes oan 'e broek ôffeie en doe oan it rieden. Ik wit noch dat wij as jonges der niget oan hiene en dat seit wat. De âld skipper is noch yn 'e "Swarte Wâ1de" ferdronken, Hij rekke der bûten board en de jonges koene him net rêde. kriemende kamen hja mei it snikje, mar sûnder heit, werom. De boargemaster hat doe nei in dei of trije, tsien gûne útlove oan wa't it lyk fine mocht. Douwe Haitses is doe mei syn jonges en twa fartúchjes der op ôfstutsen en hat him ek fûn en oan 'e wâl brocht. Hij is yn Koudum op it tsjerkhôf komt, mar nea haw ik fan dy jonges wer wat heard. Mocht immen hjir mear oer witte, dan soe ik dat graach ris hearre.

Mar no wer oer pake. As it dan op in ôfleverjen gyng, dan wie der drokte op 'e wâl. Epke of Jan de Hoop kamen dan mei de wein neist it skip. Beppe folde de kuorren en pake droech dy oer de planke, wêr't Epke of Jan harren dan op 'e wein omkearden en kreas oploege, en dat koene dy riders rêde. It wie in nocht der nei te sjen. Wie de wein ôfladen, dan gyng it nei de klant. Der folde de rider de kuorren, pake droech se nei it hok of nei de souder en der moast beppe dy turf sa teplak sette, dat it saakje nea út syn eigen omfalle koe, want as dat barde [plichte pake altyd te sizzen], dan barde dit altyd bij nacht. Bij mear as ien klant moasten hja der dan in kiste midden yn beloegje, wêr't dan hjerstmis de winterierappels yn kamen en sa dan net maklik befrieze koene. Dit wie dan by minsken dy't net in goede kelder hiene fansels. Dy turfriders Epke of Jan de Hoop krigen dan fan sa 'n weinfol turf laden, riden, leegjen, alles mei-inoar, as it yn 'e buorren wie twa dûbeltsjes, en moast it nei Easte of Weste of nei Boppebuorren of nei Mounebuorren, dan waard dit in kwartsje.

It gie allegearre hiel gemoedlik yn syn wurk. Kofje en tee op syn tiid, of bij pake oan board of bij de klant, sa as dat it bêste útkaam. Ja, men soe sa sizze wat moasten dy minsken harren doe al mei in lytse fertsjinst tefreden stelle, mar soenen hja doe minder loekich west hawwe as de minsken no? Ik leau der neat fan. As ik noch sjoch hoe rêstich hja dêr byinoar sitte koene, elk mei in stoerts komke mei kofje of tee yn 'e hân en de pet sa lang op 'e roef of op it lûk, dan freegje ik my wolris ôf, wer sjocht men soks no noch yn dizze drokke en jachtige tiid?

It ôfreakkenjen tusken pake en syn klanten dat barde meastal winterjûns bij in smout praatsje en in piip tabak, as pake teminsten net earder ferlet fan sinten hie. Heden wat wie it libben doe in ein rêstiger as no, In tiid wêr't pake krekt yn paste, tink ik wolris. Pake en dizze tiid? Nee, dat waard neat, Wat fûn ik de jûnen moai as hij yn 'e skimer de buorren opkaam en syn plakje bij ús om de âld kolomkachel ynnommen hie. Dan kamen de ferhalen los oer it farren, oer it laden yn it fean, dêr't altyd drank by wêze moast en wêr't de froulju like goed sûpten as de manlju. Oer de reizen bij min waar oer de Hegermer- en Tsjûkemar, as hij en beppe it mar amper klearje koene en al sa mar fuort. ja, it wie dan daliks let. Pake koe it nea goed krije dat wij sa pronken, lyk as hij dat dan neamde. Dat wie, sei hij, yn syn tiid hiel oars. De pakes fan doe tochten dus ek al krektlyk oer de jongerein as de pakes fan no.

Pake hie ek soldaat west. Yn Breda hie hij tahâlden en doe hie hij it twadde jier fjouwer wike ferlof hân. Hiele skoften hawwe wij wol sitten te lústerjen as hij op 'e tekst wie oer de grutte muoite, dy't hij hân hie om thús te kommen. Trije dagen hie hij reizgjen hân fan Breda nei Amsterdam. Dan ris wêr in ein mei in wein, mar ek hiele einen te foet. Yn Amsterdam hie hij in mynhear troffen, dy't mei syn frou ek nei Fryslân moast. Pake hie doe foar harren de oertocht mei de Hynljipper beurtman, dy't de oare moarns farre soe, yn oarder brocht en mocht doe sels op dy mynhear syn kosten ek mei. Doe't hij yn

Koudum oankaam, it wie krekt yn 'e ûngetiid, hie hij net ien fan syn maten thús troffen. Allegearre wiene hja der mei it skip op út. ja, dat doe hie hij út ferfeling mar trije wiken ûngetide. Dat hie him sa min foldien, dat hij fierder syn fjouwer jier mar sûnder ferlof wer te nimmen úttsjinne.

Yn maaie 1892 moast ik as soldaat opkomme. Dat gie doe ek noch oars as no. De jonges witte no ornaris foartiid al bij wat wapen en yn wat plak hja terjochte komme. Dat wie mei ús sa net. Wij moasten earst yn Ljouwert komme en der waarden wij dan yndield, hjitte it, en dyselde jûn reizgen wij dan nei ús garnizoenen. Ik rekke nei Utert. Mar it gyng oer pake en net oer my. No, de moarn dan dat ik opkomme moast, stie pake mij al op te wachtsjen der bij de lantearne dy't foar it postkantoar stie. Hij hie mij de jûns ek al dei sein, mar hij woe mij noch in eintsje bringe, sei er. Oan 'e jiskepôle ta is hij mei mij gien. Hij sei neat, ik ek net in soad. Op iens bleau hij stean en treau mij in sulveren ryksdaalder yn 'e hân. Hjir jonge, in drinkpenning en hâld dij mar goed hear. Doe draaide hij him om en gie wer nei de buorren ta. Ik ha noch al in kear of wat omsjoen, ik koe net maklik loskomme fan pake.

Yn 'e hjerst fan 1892 barde der bij pake-en-har wat hiel nuvers. It wie op in tige rûzige jûn. Pake en beppe soenen wêr, lyk as hja dat wend wiene, efkes de wâl op en bij de bern sjen. As hja der útgyngen, waarden de roefdoarkes ticht dien en dan de kap der oer hinne skood en dit wie dan ek de hiele slúting. Elts, ek oaren as pake en har, koene der dan samar yn komme as hja dit woeden. Mar ja, der waard net iens oan tocht. Wa soe no yn in oar syn roef gean en wat soe men der dwaan? Mar dy jûn wie it spul yn 'e war en foargoed ek. Doe't hja dy jûns wer oan board kamen en harren yn 'e roef sakje lieten, seagen hja al gau dat der frjemd folk oan board west hie en doe't pake in taast die nei it lytse kastke der rjochts fan it skoarstienmanteltsje, fielde hij, der wie yn omgraid. It doaske dêr't hja altyd wat jild yn bewarren stie der noch wol, mar it wie leech, alhielendal leech.

Wat der dan allegearre wol ynsitten hie? Wol, sa gau pake en har de lêste fracht dien hiene en it earste turfjild bard wie, kaam yn dat doaske fiif en santich gûne en der kamen hja de hiele winter net oan, want dat jild wie dan bedoeld foar de ûnkosten, dy't der yn it foarjier kamen as hja om de earste fracht fuortgongen, sa as brêge- en slûsjild, in nij eintsje tou, in nije boom, slokjes bij it laden yn it fean en al sawat mear. It binne mar lytse dingen, plichte pake dan wol te sizzen, mar sa mei-inoar falt it jin altyd weroan ôf, it is altyd mear as dat men mient.

En no wie dat doaske leech, skjin leech. Earst skrieme, de beide âldsjes. Hielendal rekken hja fan 'e wize. Safolle noch wol omdat hja harren no net mear feilich fielden, as om wat hja misten, al wie dit foar harren ek wol in hiele klap. Mar dat hja net mear fertroud fan board en de wâl op koene, dat wie slim. O, sa slim. Want wat jûn bard wie, koe moarn of oaremoarn wêr barre en hoe moast it dan? En wa hie dit no dien? Ja, wa? Fansels ien dy't krekt wist hoe't it dêr yn dy roef stelt wie en wêr't dy âlde minsken dy inkelde gûnen bewarren. Dyselde jûn noch en ek dagen dernei is der net folle oar praat west ûnder de skippers yn Symkewyk. Hja rekken allegearre yn it spier en men kin it fan tinken wol hawwe dat der frijwat hurde wurden sein en gâns wat nije prúmkes nommen binne, as it oer dy smyacht gie dy't him dit levere hie. Want wat hij Sipke en Ittsje oandien hie, dat trof harren as skippers allegearre en Jelle [Visser], Sake [Eekma], Willem [Dokkum], Harmen [de Bok], Frans [de Roos] en al de oaren wiene dit mei-inoar iens, as hja him krigen, dan moast hy oan 'e heechste mêst ophongen wurde. Mar de dieder is nea fûn.

Wol waard der immen fan fertocht, mar dêrmei moat men o sa foarsichtich wêze. It wurdt sa'n ien net yn syn gesicht sein en dochs sjocht men him der foar oan en dat wylst men hielendal net wis is dat hij de dieder is. It is wol faker bard dat de skyn alhielendal tsjin immen wie, wylst dochs letter noch blik dat sa immen finaal ûnskuldich wie. Nea is it útkomt, al hoefolle der ek troch de skippers mei-inoar oer praat is.

Yn 'e wike tusken krysttiid en nijjier, ik mien op 'e achtentweintichste desimber fan it jier 1892, soe it feest wurde yn Symkewyk. Pake en Beppe wiene dan fyftich jier troud. Dit soe wat wurde. Ik koe foar dy gelegenheid fjirtjin dagen ferlof krije. Ik wit noch wol de jûn foar krysttiid kaam ik thús. De moarn fan 'e 28ste wie der gâns drokte op 'e wâl. De wyk lei fol skippen en allegearre de flagge yn top. Oer 'e planke fan pake en beppe hinen de skippers in earepoarte makke. Twa skippersbomen mei flaggedoek omwuolle wiene op in foech jelne fan elkoar yn 'e boaiem fêst stutsen en dan mei flinke spikers oan it wâlhout fêst timmere. Dan sawat op treddeheal meter hichte mei ombûgde hoepen, dy't hielendal omklaaid wiene, oan elkoar fêstbûn en dêroan hong in lûk, wêrop mei foarse letters: 'Leeve het gouden huwelijkspar'. Der wienen ek wol flaggen yn 'e buorren, mar dat wie foar de skippers net fan folle betsjutting. It feest wie, mienden hja, foar de skipperij en dit wie no temear moai, om't it midden yn 'e winter wie en hja allegearre oan 'e wâl leinen.

Heden, heden, wat wiene der doe in soad skippers yn Koudum. Hja koene mei harren fartugen mar amper plak krije yn Symkewyk. Ik wit noch wol dat it soms mei sterk iis mar krekt mooglik wie op inkelde plakken dertoch te kommen, sa fol lei it dêr dan. No, sa fol wie it op dy 28ste desimber ek en allegearre de flagge yn tou. It wie in feestlik oansicht. Pake en beppe mei de bern en de grutsten fan de bernsbern sieten foarmiddeis mei-inoar yn it rom fan 'De vier gebroeders', mar om alve oere, sa wiene de oorders, moasten wij allegearre nei de herberch op 'e wâl, dy't no 'Spoarsicht' hjit en de oere foar it middeisiten wie foar de hiele skipperij dy dei op fjouwer oere steld. Keurich wie it dêr op dy boppeseal fan 'Spoarsicht' ynoarder makke. Alhiel mei flaggen en oar kleurich spul behongen en oan 'e ein fan 'e tafel, wêr't; de famylje sitte moast, stiene twa moai fersierde stuollen, dy wiene foar pake en beppe. Doe't: wij boppe kamen wie de hiele skippersfloat mei de froulju der ek al. Ja, dit wie in feest foar de skipperij, dat wie oan alles te sjen. Dy hiele oansit mei alles wat der oan foarôf gien wie gie út en wie op kosten fan 'e skippers mei-inoar. Net ien sint mocht der fan boargerminskten bij wêze.

It waard al gau in fleurige boel. Jan Dokkum, de heit fan master Dokkum yn Drylts, hie de lieding. Hij wie in turfskipperssoan en húsmanne mei syn heit, Willem Dokkum, oan board en der waard doe altyd sein dat it yn gjin inkelde skippersroef skjinner wie as bij Jelle en Akke en bij Willem en Jan Dokkum. Jan wie net min. Simmerdei wie hij fansels lyk as alle skippers, noch al gauris fuort, mar bij 't winter, as hja opleine, no dan wie hij oars yn it spier. Lieder fan it sjongselskip en fan 'e feinteferiening en al sa mear en ek al mei om't hij in gol en fleurich aard hie mocht elk him wol en foaral bij de skippers stie hij tige heech op 'e stâl en sa kaam it dan ek dat it samar in útmakke saak wie dat der mar ien wie dy't der bij pake en har de lieding hawwe koe en dy iene wie Jan Dokkum.

No, dit wie dan ek ynoarder, alhielendal. It duorre net lang, doe wie de fleur der al aardich yn en foaral doe't der in slokje op tafel kaam wiene der ûnder dy skippers en ek bij de froulju guon, dy't it smout sizze koene. Mannen as Haitse Jotsjes, Popke Beants, Frans Arjens en mear oaren hiene al folle it wurd en it waard by tiden mar smout sein. Mar it hichtepunt wie doe't Jan Dokkum it wurd naam. Elts sette him doe nei harkjen. Op de him eigene ienfâldige wize begûn hij te fertellen oer it skipperslibben yn it algemien en kaam sa ek terjochte bij dat fan pake en beppe mear yn it bysûnder. Ferskate mominten út dy fyftich jier waarden troch him nei foaren brocht en der waard faak hertlik lake as it oangie lytse ûngelokjes, weroan elk libben en foaral dat fan in skipper sa ryk wêze kin en wêr't men dan letter in hiele bulte wille om hawwe kin.

Mar lang om let kaam hij ek terjochte bij dy jûn doe't dy skelm ûnrêst teweech brocht hie ûnder de skippers en dat jild meinommen hie. Mar dat jild, sei er, is wer terjochte komt hear, en mei-ien hâlde hij in ponkje omheech wêryn fiif en santich sulveren gounen sieten. Sjoch, sa sei hij, it wie ús as skippers ûntstellen en wij as skippers hawwe it ek wer byelkoar brocht, en doe neamde hij de nammen fan allegearre dy't hjir oan meidien hiene. It wie in hiele lange rige, mar ik wol besykje dy minskten noch te

neamen. Mocht ik alris ien ferjitte, dan moat men mij dat net kwea ôf nimme. Ik hie se doe fan Dokkum syn listje oerskreaun, mar dat bin ik spitigernôch letter kwytrekke. Mar de measten wit ik noch wol.

It wiene: Sipke en Sjoukje [Schilstra], Frans en Aeltsje [Frans Arjens de Roos en Aaltje Sytzes van der Wal], Sake en Durkje [Eekma], Jelle en Akke [Visser], Popke en Tryntsje [Popke Berends Steigenga en Trijntje Idses Valk], Bearnt en Angeniet [Beerend Steigenga en Angeniete Jaarsma], Harmen en Aukje [Harmen de Bok en Aukje Sjoerds Duim], Japik en Botke [Reinstra], Piet en Joukje, Atse en Anne [Demmer], Oepke en Syts [Talsma], Rinke en Immetje [van der Veen], Durk en Hindrikje [Bajema], Haitse en Tryn [Zeldenrust], Willem en Jan [Dokkum] en dan noch de fearskippers dy't ek meidien hiene. No, dat wiene: Douwe en Jehanne [Visser], Wabe en Teak [Wabe Jacobs van der Veer en Taekje Annes Feenstra], Japik en Sjoukje [de Jong], Klaas en Pyt [Visser] en Jouke en Feikje [van der Veer].

Dokkum lies de nammen mei dy fan de froulju allegearre op lyk as ik se hjir opskreaun ha. Wat in skippers wiene der doe yn Koudum. Gjin wûnder dat Symkewyk de skippers mar amper bergje koe. En dy skipperij dat wie yn gefallen as dit in ienheid. Hja gyngen der grut op dat dit jild en dizze hiele oansit troch harren bijinoar brocht en bekostige wie en waard. Der hie de boargerij har bûten te hâlden. Wij binne skippers mei-inoar en dêrmei út.

Pake en beppe rekken troch dit blyk fan meilibjen earst frijwat fan 'e wize, mar troch de kwinkslaggen fan Jan Dokkum en mear oaren krige de fleur al gau wer de boppetoan en sa waard it in feest, wêr't wij allegearre noch hiel lang oer wisten nei te praten. Wat mij faak spyt, as ik sa nochris oer dat alles neitink, is, dat der doe net in foto fan dat barren makke is. Sa'n portret hie no foar ús as neiteam bepaald in grutte wearde hân. Mar ja, der waard doe sa net mei pield sa 't it liket. Dat is no oars. As pake en beppe no fyftich jier trouw west hawwe en men sjocht letter dat portret, dan binne it yn 'e regel allegearre blommen en men kin de âldsjes mar kwealik fine. Sa giet it: tiden hawwe tiden.

In jier twa nei dat feest waard it minder. Beppe waard siik en nei frijwat omgammeljen rekke hja hjir wei. Doe waard it foar pake ek hurd minder. Earst noch wat ompiele mei dan ris wer in pakesizzer en dan ris wer in foech feintsje, want sjoch, it wie doe fansels sa: as waard in minske ek hûndert jier, sa lang as hij koe moast hij ek arbeidzje. Fan 'Drees' of fan oare sosjale wetten wist men doe net. Mar it nocht wie der foar de âldman ôf en it duorre net iens sa hiele lang, doe rekke hij foargoed yn 'e koai. It waard doe lijen en foargoed ek, mar oan it lêste ta bleau pake altyd goedsmoeds.

It wie wêr op 'e boppeseal fan 'Spoarsicht' dat wy as famylje mei de skippers bijinoar wiene. Pake stie hielendal allinne ûnder yn 'e taap. Jan Dokkum hie wer de lieding. Hij hâlde no net in ponkje mei jild omheech, nee, hij spruts no inkelde wurden nei oanlieding fan psalm njoggentich. It wie min waar doe't wy om it tsjerkhôf gyngen. Striemin, reine en waaie en de klokken dreunden o sa mankelyk. Ja, dat wie wol in tryste dei.